

Men kin alle krûd en
lead net yn ien kear
fersjitte

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Sander Metz

Droom is werkelijkheid geworden. Muziek uitdragen in de breedste zin van het woord

pagina 3>



Jarich Wijnstra

Mei nij persoanlik rekord en nij kampioensrekord waard fierljep-per út Tsjom Frysk kampioen

pagina 3>



Tryntsje van der Meer

'Middeis om 4 oere sieten de earsten foar it stek, yn in túnstoel, mei broadsjes en in krante'

pagina 11>

Boalsert yn de krânsen op prachtige Freule



Grutte bliidskip by it jongespartoer fan Boalsert. Menno Galama, Jelle Cnossen en Hidzer Bogaard fersloegen yn de finale it favorite Eksmoarre. Op de stân fan 5-3 en 6-6 makke Jelle Cnossen de partij út. De bal soe foar west wêze, mar ta ferbjustering fan it publyk joech de lang twifeljende karmaster oan dat it in sitbal wie. In wat frjemd ein fan in prachtige Freule mei in protte moaie partijen. Sa kaam Boalsert yn de krânsen en wie de preemie foar Pieter Jan Leijenaar, Albert Feenstra en Jelmer Dijkstra fan Eksmoarre. Sukses wie der foar Baard, dat mei Geert Reitsma, Durk Hoogma en Stefan van der Meer in tredde priis behelle. Ek foar Menaam wie der in tredde priis. Foto: Hinne Bokma

Histoarysk plakje

Nijkleaster keapet pleats It Westerhûs Hilaard oan

Hilaard - De Stifting Nijkleaster hat mei de eigners fan de pleats It Westerhûs oan it Westerhûs 1 by Hilaard oerienstimming berikt oer de oankeap.

Troch Hinne Bokma

Nijkleaster wol de pleats ferbouwe ta in kleaster, dêr't plak wêze sil foar permanente bewenners en foar gasten, dy't dêr in dei, wykein of langer ferbliuwe wolle. It moat in plak wêze dêr't minsken harren werom lûke kinne om ta besinning en op adem te kommen. Inoar te moetsjen. De plannen wurde op 31 augustus presintearre en op 7 septimber is der in ynringjûn yn it doarpshûs yn Hilaard.

No't de keap rûn is, sil Nijkleaster him dwaande hâlde mei it fierder útwurkjen fan de plannen. It kin neffens foarsitter Henk Kroes fan de Stifting Nijkleaster noch wol in jier of twa duorje foardat it kleaster yn gebrûk nommen wurdt. „It gebou sjocht der hiel min út”, jout Kroes oan. Earder wie Nijkleaster fan doel de pleats fan de famylje

Castelein oan de Sluytermanwei yn Jorwert oan te keapjen. Dit plan stuitte yn Jorwert op wjerstân.

It Westerhûs is in bysûnder plakje, dêr't al ieuwen buorke is. Under it foarhûs fine we noch de molkenkelder mei restanten fan de eardere bebouwing. Se datearje út 1625. Philippus Breuker skriuwt der yn syn nijste boek Het landschap van de Friese klei 800-1800 oer. De pleats leit oan de westflank fan de ôfgroeven terp Westerwird.

„Opzij van het erf ligt aan de zuidkant een smal omgracht perceel”, skriuwt Breuker. It ferhaal giet dat it earder in begraafplak wie fan de nonnen, dy't op it erf yn in kleaster wennen. Neffens Breuker hat er op dat plak net in kleaster stien. De foarm fan it erf en de omvang fan it lân passe neffens him better by in stins.

De pleats is fanwege syn rike kultuer-histoaryske wearde oanwiisd as ryksmonumint. Yn de muorre sit in merkwaardige gevelstien mei alliansjewapens en de inisjalen M en G. Ek stiet de namme Westerhuis en it jiertal 1625 op de gevelstien.

Alien Okkema voelt zich in De Klomp als een vis in het water

Wommels - Zwembad De Klomp in Wommels en Alien Okkema-den Haan. Een bijzondere band. Werken in het zwembad is haar passie. „Ik fiel it as is it myn swimbadsje. Ik kin der mar dreech ôfstân fan nimme”, zegt ze. Alien is bedrijfsleidster, geeft leiding aan tien badmeesters en -juffen, vier kioskmeeuwerkers en twaalf vrijwilligers. Zorgen over de toekomst van het bad, als Wommels overgaat naar de gemeente Súdwest-Fryslân, heeft ze niet.

Door Hinne Bokma

„Wy hawwe in hiele belangrike funksje”, zo zegt Alien. Het zwembad is niet alleen de plaats waar zwemles wordt gegeven, waar kinderen spelen en diverse zomerse activiteiten worden georganiseerd, het is ook een ontmoetingsplaats voor jong en oud. Het vervult volgens Alien een belangrijke sociale functie in de gemeenschap.

Bezoekersaantal

Een jaar of tien geleden was de toekomst van het zwembad in Wommels wel erg onzeker. Het bezoekersaantal liep steeds verder terug en er was veel achterstalig onderhoud. In 2007 waren er slechts 14.000 zwemmers. Vorig jaar waren dat er 31.000 en met de



Alien Okkema: 'Ik fiel it as is it myn swimbadsje'

komende weken nog mooi nazomerweer moet het lukken ook dit jaar dat aantal te realiseren.

In het dramatische jaar 2007 meldde Alien zich aan als vrijwilliger. Ze had het in De Klomp naar haar zin. Vanaf 2009 ging ze aan de studie. Ze volgde de opleiding voor lifequard (toezichthouder), deed de cursussen EHBO en BHV, behaalde diploma's om zwemles te mogen geven en rondde in 2013 de

cursus bedrijfsleider met succes af. Vanaf 2014 is Alien leidinggevende in De Klomp.

„Myn wurk is hiel breed. Ik sit yn de kiosk, jou swimlessen, nim it diplomaswimmen ôf en stjoer de meiwurkers oan”, aldus Alien. Favoriet bij haar is het lesgeven. Een belangrijk onderdeel van haar werk is ook het toezicht houden. Er op toezien dat er geen ongelukken gebeuren. „Soarchje dat der gjin

ûnfeilige situaasjes ûntstean.” Vooral bij warm weer, als het druk is in het bad, vraagt dit veel energie van de medewerkers. Altijd is de blik gericht op het water. „Ek as ik yn gesprek bin mei minsken. Ik sjoch harren net oan, mar let op it wetter.”

Statushouders

Naar aanleiding van het verdrienen van een Syrische jongen in het zwembad in Venlo trok de Koninklijke Nederlandse Zwembond (KNZB) aan de bel. Schoolzwemmen zou verplicht moeten worden voor voormalige asielzoekers. In Wommels volgen momenteel achttien kinderen van buitenlandse afkomst zwemles. Ook veertien volwassen statushouders krijgen zwemles.

Leren zwemmen is een must, maar het goed onderhouden is volgens Alien niet minder belangrijk. Om het zwemmen te onderhouden pleit ze voor een verplicht lesprogramma voor schoolkinderen. „As ik bern soms swimmen sjoch, dan freegie ik my ôf hoe't se dat diploma helle ha.” Deze zomer maakten zes scholen uit de gemeente gebruik van het aanbod van het zwembad om vervollessen te geven.

Op 17 september is de laatste zwemdag van dit jaar. Met een schuimparty wordt afscheid genomen van het zomerseizoen.

Komende maanden wordt het folie in de zwembaden vervangen.

Met het afsluiten van het seizoen starten voor Alien de voorbereidingen voor de volgende zomer. Vanaf half april kan er weer gezwommen worden.



skilder nedich
www.skilder.nl
06 - 53360461